

## BESPREK

[1531] *Eklektysk entûsjasme. Oer de rispinge fan de twa letterkundedagen fan 2016 en 2018*

**Fryske literatuer, oars!** (*It Beaken* 78 (2016) nr. 3/4, s. 185-292); **Aspekten fan Fryske literatuer** (*It Beaken* 80 (2018) nr. 3/4, s. 85-284).

Al in moai skoft wie de literatuerstúdzje oan de Fryske Akademy frijwat oan de krapperein kommen. It wie dêrom in goed en loflik idee fan FA-ers Reinier Salverda en Eric Hoekstra om op 6 oktober 2016 in ‘Earste Letterkundedei’ te organisearjen. Dat wurd ‘earste’ hold fansels fuort de belofte yn fan ek in twadde dei. Dêr ha se har oan holden. Yntusken is de tradysje yn 2018 trochset (23-25 april 2018) en wurdt ek dit jier op ’e nij in letterkundedei holden, sij it troch de koroanapandemy yn in oare foarm.

*It Beaken* 78 (2016) fungearret as de kongresbondel fan de earste en *It Beaken* 80 (2018) as dy fan de twadde edysje fan de letterkundedei. Yn mei-inoar sa’n 300 siden wurde – útsein twa ynliedingen troch de besoargers – 21 lêzingen (7 plus 14) publisearre oer literêr-histoaryske en literatuer-teoretyske ûnderwerpen. Net alle lêzingen binne trouwens opnommen.

Hjir besprek ik tagelyk beide ôfleveringen. Fansels moatte dan de yndividuele bydragen koart omtinken krije, mar dy wol ik, foar safier’t dat kin, oarderje oan de hân fan de foaropwurden/ynliedingen fan de hân fan Hoekstra en Salverda.

Behalven in meinimmend skreaune searje gearfettingen fan de bydragen is dy earste ynlieding benammen rjochte op it opwekken fan nij entûsjasme en dogge de skriuwers fierders net folle oars as fêst te stellen dat de Fryske literatuer in lytse ‘Fundgrube’ hjitte mei yn it ûnbidich grut hielal fan talich-literêre uteringen.

Datselde sympatyk boadskip, dat de Fryske literatuer in útnimmend frijplak hjitte mei foar in griemank fan ûnderwerpen, perspektiven en benaderingswizen, wurdt yn de twadde ynlieding nochris op ’e nij útsutele. De arguminten dêr’t Hoekstra en Salverda dan mei komme, ferswakje it boadskip lykwols earder as dat se it fersterkje. Har redenearring komt der koartsein op del dat (1) de tanimmende konkurrinsje tusken hieltyd fierder spesjalisearre dissiplines yn de wittenskip yn it algemien de letterkunde ûnderstek dien hat; (2) dat yn datselde dochs al ferswakke fjild de letterkunde ek nochris dea-teoretisearre en -ideologisearre wurdt; (3) dat it dêrom sa aldergelokkichst is dat de Fryske letterkunde wat lytser is en ek wat achterrint by it omfiemjende fjild, want (4) dat dêrtroch hjir noch sa’n relatyf geun-

stich letterkundich klimaat bestean kin. It is in keunstige, mar ek keunstmjittige redenearring om it griemmank fan artikels mei yn te lieden.

Nettsjinsteande dy ynliding folgje de bydragen yn dy earste bondel neffens ûnderwerp trouwens ridlik braaf de oerlevere kanon fan de Fryske literatuer (wat trouwens wer neat seit oer it nivo fan de artikels). Bûchbyld Gysbert Japicks kriget twa bydragen. Piter Boersma nimt it yn in sympatike bydrage op foar Hein de Jong syn – yn myn eagen krekt as psycho-analyze trouwens frijwat wippelige<sup>1</sup> – psycho-analytyske dissertaasje oer it gedicht ‘Friesche Tjerne’ fan Gysbert Japicx. Nijsgjirriger is it moaie artikel fan Piet Gerbrandy. Dy hat al syn poëtysk fernimst en ferstân – en dat is net in bytsje – ek op it wurk fan Gysbert loslitten en ûndersiket dêryn de spanning tusken sjenre-konvinsjes en Gysbert syn natuerlike poëtyske oandrang. Hiel helder en ferhelderjend! Alpita de Jong spegelet ús tiid (Kulturele Haadstêd 2018!) oan de Gysbert-betinking fan 1823 en konstearret – terjochte – ferlies oan elan en fitaliteit. Wêr bliuwt de Joast Halbertsma fan ús dagen?

Marc van Oostendorp analysearret it sekuere trochtichte metrysk karakter yn de lettere poëzy fan Tsjêbbe Hettinga. Hy spekulearret dat Hettinga in soad hân ha moat oan Dylan Thomas. Dat fermoeden, sa merk ik op, wurdt wierskynliker as men wit dat Hettinga foar syn oplieding Fryske taal en kultuer yn Grins yn de jierren 1990 in skripsje skreau mei in wiidweidige en sekuere analyse fan it gedicht ‘Fern Hill’ fan Dylan Thomas. Ek de ynteressante bydragen fan Friduwih Riemersma oer Jelle Brouwer (oer wa’t se in dissertaasje skriuwt) en dy fan Henk van der Liet oer de Skandinavyske konneksjes fan dyselde Brouwer kin men rekkenje ta de bewende kanonike romte. De iennichste dy’t echt nije paden ynslacht, is Abe de Vries, dy’t him yn de lêste jierren oppenearre hat as dé kenner fan de Frysk-realistyske literatuer yn de njoggentjinde iuw. Hy leveret in artikel oer de ‘folkskriuwer’ Marten Hepkes Bakker.

Dyselde Abe de Vries is ek de iennichste auteur dy’t yn beide bondels in bydrage hat. Yn de twadde skriuwt er oer in oare skriuwer út de twadde helte fan de njoggentjinde iuw: Waling Dykstra. De Vries lit – terjochte – nochris sjen hoe’t de, by Douwe Kalma ûntstiene, negative byldfoarming oer de ‘folksskriuwerij’ in breed, literatuer-histoarysk sjoen wichtich en ek ynteressant fjild fierhinne oan it each ûntlutsen hat.

Dizze twadde samling artikels is minder kanonyk as de earste. Dat sil ek te krijen hân ha mei it wittenskiplik karakter fan de letterkundedagen, dy’t yn 2018 – mei ek kongressen oer meartaligens, taal- en taalkunde en Midsiuwsk Fryslân – ûnderdiel wiene fan in grutter kongres, nammentlik de *1st Conference on Frisian Humanities*.

De beide ynliders bringe yn it ferskaat oan bydragen loswei wat grutte ynhâldlik-tematyske linen oan, dy’t ik folgje.

---

1. Sjoch Goffe Jensma, ‘Tjerne op ’e Divan. Gysbert-stúdzje yn in betinkingsjier’, *Us Wurk* 65 (2016) 57-67.

Alderearst is der in fjouwertal bydragen oer de ‘best practices’ fan oersetters út en nei it Frysk: David Colmer, Michele Hutchinson, Jantsje Post en Paul Vincent. Alle fjouwer ha se bydroegen oan de blomlêzing *Swallows and Floating Horses*, dy’t yn 2018 yn it ramt fan Kulturele Haadstêd en ûnder redaksje fan Ernst Bruinsma, Alpita de Jong en André Looijenga ferskynde. De praktyk fan it oersetten hat sa syn eigen semantyske problemen. Alderearst is dat trochdat der net foldwaande betûfte oersetters foar hannen wiene om streekrjocht út it Frysk nei it Ingelsk oer te setten en der gebrûk makke wurde moast fan in ‘brêgetekst’. Hoe sette je termen út it boerebedriuw yn it Ingelsk oer, b.g. bûthúsrútsje of Minnom (omke Menno), sûnder dat de emosjonele lading weirekkt of bedoarn wurdt.

In twadde groep fan bydragen rjochtet him op Noard-Fryske literatuer. Mareike Böhmer skreau in moai artikel oer de werhelling as stylfiguer by de ferneamde Dútske berneboekskriuwer James Krüss, wylst Wendy Vanselow har dwaande hold mei proazateksten fan Herrlich Jannsen, Elise Heitman, Erk Petersen en Ellin Nickelsen. Vanselow stelt, op grûn fan in fernimstige en yngeande analyse fan harren teksten, oer dy fjouwer fêst dat se, nettsjinsteande dat se net yn deselde tiid libben, bepaalde kenmerken mienskiplik ha: mytologyske lading, in gefoel fan fergonklikheid en ferlies, dat yn ferbân brocht wurde kin mei harren sympaty foar lytse folken.

In folgjend skift jout twa artikels oer fergelykjende analyse-projekten fan literatuer fan sokke minderheden. Jelle Krol jout alderearst in moai artikel nei oanlieding fan syn dissertaasjeûndersyk, dêr’t er fjouwer minderheidsskriuwers út de rânegewesten fan Europa yn fergeliket (resp. foar Fryslân: Douwe Kalma; Wales: Saunders Lewis; Bretanje: Roparz Hemon, Skotlân: Hugh MacDiarmid). Krol, dy’t in moaie balâns tusken teory en empiry fûn hat, lit goed de grutte oerienkomsten tusken dy fjouwer skriuwers sjen. Jesse van Amelsvoort jout in earste artikel oer syn promoasjeûndersyk nei it fenomeen minderheidsskriuwer. It ferskil tusken beide is dat, wylst Krol skriuwt oer skriuwers út Europeeske nasjonale minderheden yn de foar dy minderheden geunstige perioade fuort nei de earste Wrâldoarloch, Van Amelsvoort him dwaande hâldt mei in fergelyking fan Europeeske en fan oarsprong net-Europeeske minderheden yn it no. Hy lit sjen hoe bepalend oft de spanningsfjilden tusken nasjonaal, ynternasjonaal en transnasjonaal binne.

It iennichste artikel dat ik likemin as de beide redakteurs fuort yn in groep ûnderbringe koe, is it moaie artikel fan Jabik Veenbaas oer Theun de Vries. Veenbaas freget him op grûn fan in analyse fan gedichten ôf yn hoefier’t De Vries syn mei rjocht claimt dat it Frysk foar him mear de gefoels- en it Nederlânsk mear de ferteltaal wie. Konklúzje: ‘De âlder wurdende dichter koe syn fertriet better kwyt yn it Frysk’.

Oan ’e ein fan dizze twa Beakens oankommen, kaam wol de fraach by my op wat no krekt de winst en de rispinge is fan dizze beide letterkundedagen. My skeaten de wurden ‘eklektysk entûsjasme’ troch de holle. Eklektysk kwa ûnderwerpen, mar ek kwa (entûsjaste) sprekkers. Mar 25% fan dy sprekkers wie wurksum yn Fryslân, nochris 25% yn de rest fan Nederlân en mar leafst 50% kaam út it

**US WURK LXX (2021), p. 89**

bûtenlân. Troch dizze ûndersikers wurdt op in wittenskiplik sjoen trochstrings hiel befredigjend nivo fierder wurke oan it kennis-gebou fan de Fryske literatuerskiednis en in protte fan de artikels biede ek echt nije kennis, dy't mear is as it opdissen fan wat opdûkele feitsjes. Mar dat eklektyske, de frijheid fan in wat achterbleaune lytse literatuer, hat ek syn beheiningen. De belangrykste dêrfan is yn myn eagen it ûntbrekken fan omtinken foar de literatuer fan hjoed-de-dei. De iennichste dy't him dêrmei dwaande hâldt, is Jesse van Amelsvoort. Foar it oare liket it wol as is Fryske literatuer in ding út it ferline en hat de Fryske letterkunde him der al by dellein dat dat sa is.

Mar is it net sa dat úteinlik literatuer en letterkunde (sjoen as de stúdzje fan literatuer) harsels ek oan inoar spegelje kinne moatte soene? De tiid fan de grutte, troch kennis fan de literatuerteory ynjûne eksperiminten yn de literatuer fan de jierren 1960, 1970, 1980 (tink oan Wadman, Riemersma of Josse de Haan) mei foarby wêze, mar yn it plak dêrfan binne oare teorema's kommen, dy't wier wol ek in ferriking fan literêre produkten betsjutte kinne. Literatuer fan minderheden (sj. ek it artikel fan Jelle Krol) is b.g. sa'n tema, dat mear benadere wurdt út de teory wei fan in fergelykjende literatuerwittenskip. Mar wêr bliuwe soksoarte fan skôgingen en analyzes fan Fryske poëzy en proaza fan noch libbene skriuwers?

*Goffe Jensma*  
*Ryksuniversiteit Grins*  
*g.t.jensma@rug.nl*